



Swimme mei piranja's

De sinne skynt fel en it swit rint my oer de holle. Foar my skitteret it brúngriene wetter fan 'e rivier. Ik ha sin om te swimmen mar doch it net.

Twa lytse bern nimme in oanrin en springe deryn. Se dobberje hieltyd fierder it wetter yn. At sy it doarre, dan kin it dochs net sa gefaarlik wêze? Ik rin foarsichtich nei de wâl en sykje de boaiem ôf. Gelokkich, gjin piranja's. Ik stek myn grutte tean yn it wetter. It fielt hearlik koel. Ik wol graach meiboartsje mar bin sa bang dat de fisken my bite.

Dêr komt René oan. Hy is krekt wat stoerder as ik bin.

“Kom mar. At ik mei dy deryn gean, doarst dan wol?” Hy stekt syn hân út. At we tegearre it wetter ynrinne, fyn ik it wol in bytsje spannend mar nei fiif minuten driuw ik op myn rêch en moat ik hiel hurd laitsje. Miskien binne dy piranja's wol banger foar my as ik foar har.

Ik bin op fakânsje yn Suriname. Do moast njoggen oeren yn it fleantúch om dêr te kommen. It is dêr altyd simmer en kinst lekker bûten swimme. Mar yn 'e rivieren sitte wol piranja's. Piranja's binne fisken mei hiele skerpe tosken. Se lykje wat op snoeken mar bin wat lytser, sa'n 15 oant 25 sintimeter.

Fan piranja's wurdt sein dat se agressyf binne en altyd sin oan fleis ha. Yn films frette se minsken en bisten oant de bonke op. Yn werklikheid ite piranja's fisk en fruit dat yn it wetter falt. Allinnich at se hiel bot hongere ha, skine se alles te iten, ek soartgenoaten.

Soesto dêr doarre te swimmen?



Ingeborg Hoogsteen